

Proefskrift hellet dichter Gysbert Japix út isolemint

GROU - Op it plak dêr't dr. Joast Hiddes Halbertsma (1789-1869) sa faak tahold, de 'Grutte Fermanje' yn it hertsje fan Grou, hat prof. dr. Philippus Breuker justermiddei de nei Halbertsma neamde priis 1991 krige út hannen fan deputearre Johanneke Liemburg. De priis - f 4000 en in oarkonde, ynsteld troch de provinsje en om de trije jier te ferjaan - waard Breuker takend foar syn wiidweidige en yngeande dissertaasje oer libben en wurk fan Gysbert Japix.

De offisjele boarnen sizze dat de priiswinner tsien jier oan dit proefskrift (It wurk fan Gysbert Japix, twa dielen, 1100 siden) arbeide hat, mar Breuker sels (51) sei yn syn tankwurd: „Ik ha der hast fjirtich jier oan wurke ynstee fan tsien.” Wurk en persoan fan Gysbert Japix hawwe him mei oare wurden fan jongsôfoan tige boeid.

De priis is ornearre foar stúdzjes op it mêd fan de skiednis, de taal- en literatuerwittenskip en de sosjale wittenskippen en no twa kear efter inoar takend oan in taalkundige. „Dat kin en dat mei, mar as dat oer trije jier wer barre soe, is it tafal minder oannimlik en komt

de fraach op wat der mis is mei de oare wittenskippen”, sei deputearre Liemburg yn har taspraak.

Om te ûntkommen oan de „strid tsjin de marginaliteit” - sa't Breuker it ûndersyk fan taal en kultuer yn Fryslân ris neamd hat - achte Liemburg it foarmjen fan „in hecht front, dat stal kriget yn in iepen diskusje, wêrby't gefoelens it sicht op de feiten net fertsjusterje” fan belang. Foar de takomstige posysje fan de frisistyk sil, tocht har, sjoen wurde moatte nei wat de bysûndere learstuollen oan de universiteiten dêr oan bydrage kinne. Mar oer dy learstuollen wurdt no krekt ûngelyk tocht troch de universiteiten ûnderling en troch de minister. De provinsje hat har noch net op in stânpunt fêstlein.

It rapport fan de advyskommisje, nei foaren brocht troch 'preeklêzer' drs. Harke Bremer, neamde in grut tal kwaliteiten fan Breuker syn dissertaasje. Dy jout suver in folslein byld fan wat der yn de rin fan de tiid ûnder oaren yn fjouwer dissertaasjes oer Gysbert Japix oan it ljocht brocht is. Mar it is tagelyk in nij haadstik yn de Gysbert Japix-stúdzje. „De betsjutting fan dizze stúdzje foar de frisistyk leit sawol yn de folsleinens fan it boarne-ûndersyk as yn de ynterpre-

taasje fan it materiaal”, sei Bremer. Dêrneist hat Breuker syn wurk der ta laat dat „it persoanlik lûd fan de dichter in nije klank krigen hat.” Tige wichtich is neffens de advyskommisje ek dat de 'iensumme' dichter út syn isolemint helle is troch syn wurk te ferbinen mei de ynternasjonale barokliteratuer fan de tiid dêr't er yn libbe.

Douwe A. Tamminga spriek in wurdearringswurd út namme fan de Fryske Academy, it Frysk Keunstynstitút en de Ried fan de Fryske Beweging. Breuker syn 'magnum opus' soe de Amsterdamse sosioloog De Swaan wolris kokhalzje litte kinne, ûnderstelde er: „Sa 'n mánsk wurk yn sa 'n kitschtaal.” De Swaan is de professor dy't tinkt dat de streek- en minderheidstalen har mar nei it Hollânsk foegje moatte. Dr. Breuker sels wie, sei er, wol ynnommen mei alle earbetoan, mar oars: „Sa 'n prisútrikking hâldt jo wol fan jo wurk ôf.” Hy is al wer dwaande mei in nije stúdzje, ien oer Joast Hiddes Halbertsma. It Grouster Mingd Koar droech mei in tal bekende lieten tige by oan it behalve plechtige ek sfearfolle barren.



Op 'e foarste rige de haadrofspilers fan de Halbertsmapriis yn 'e 'Grutte Fermanje' te Grou. Fan rjochts nei links: dr. Philippus Breuker dy't de priis wûn, syn frou dy't de oarkonde besjocht, deputearre Johanneke Liemburg dy't de oarkonde útrikte, drs. Harke Bremer dy't it rapport fan de advyskommisje foarlies, en Douwe A. Tamminga, dy't in wurdearringswurd spriek út namme fan Fryske Academy, Frysk Keunstynstitút en Ried fan de Fryske Beweging.

Foto LC/ Paul Jansen